



GRIENE BLEDSJES BY DE GRIENTEBOER

(Liebensglück Durch Kleine Sünden)

Blijspul yn trije bedriuwen

troch

Andreas Baumgartner

Oersetting yn it Frysk

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GRIENE BLEDSJES BY DE GRIENTEBOER – LIEBENSGLÜCK DURCH KLEINE SÛNDEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANDREAS BAUMGARTNER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2006 by Andreas Baumgartner

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% boete worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% boete verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Jakobus Knol - grienteboer

Elly - syn frou

Klara - harren dochter

Floris Jan - harren soan

Claudia Ringels – eigener fan in bar

Eusebius Boeijen - plysje

3 froulju en 3 manlju.

TOANIEL:

In kreas ynrjochte wenkeamer. Links en rjochts in doar. Mids it toaniel achter in iepen trochgong mei sicht op de winkelromte. Finsters links, rjochts en achter.

EARSTE BEDRIUW

KLARA: (*sjongt, rêdt de tafel ôf*) Reade biten, reade lipkes, reade wyn...

FLORIS JAN: (*op fan links, iroanysk*) Do silst net lang mear sjonge, fanke!

KLARA: (*draait har om*) Hoesa net?

FLORIS JAN: (*laket*) Do bist der no al mei opholden!

KLARA: (*stoersk*) Do begrypst der ek neat fan! Reade biten steane symboal foar de grientesaak, reade lipkes foar myn jongfammebestean en reade wyn is oeral goed foar!

FLORIS JAN: Soesto net nei de merk hjoed? Atst dêr fan 'e middei pas oankomst, kinst it wol ferjitte!

KLARA: (*dwars*) Ik bliuw hjoed thús, gean do mar!

FLORIS JAN: (*laitsjend*) Moai, hear! Al moannen rinst te seuren...

KLARA: (*ûnderbrekt sjongende wei*) Reade biten, reade lipkes, reade wyn...

FLORIS JAN: (*lûd*) ...rinst te seuren, datst op 'e merk stean wolst om ûnder de minsken te wêzen!

KLARA: (*ûnderbrekt*) Ja, harkje es, ik bedoel mear de minsken dêr't ik in fint foar my fine kin! Wa komst op de merk no noch tsjin? Ja, manlju dy't troch har froulju de merk op stjoerd binne om in boskje peterseelje te keapjen en alle frijfeinten dy't net witte hoe't se de dei om krije moatte!

FLORIS JAN: Dat hie 'k dy daliks ek wol sizze kinnen, mar do woest...

KLARA: (*ûnderbrekt*) Ik woe allinne mar kontrolearje watsto tsjin my sein hast, mar op dit stuit tink ik der al oars oer. No sis ik, wêrom soe 'k it bûten de doar sykje, at it gelok hast alle dagen...

FLORIS JAN: Gean wei! Ken ik dat nije feintsje?

KLARA: Fan in nij feintsje is noch gjin sprake, ik bin allinne noch mar oan it ôftaasten.

FLORIS JAN: (*nijsgjirrich*) En wa is de geloksfûgel?

KLARA: Dat neame se no útkloarkjen! (*weaut ôf*) Sis Floris Jan, wat gebeurt der atst stean bliuwst by in stopferbod?

FLORIS JAN: Mei de auto?

KLARA: (*iroanysk*) Nee, rinnende, is it no goed!

FLORIS JAN: Dan krijst in bekeuring fansels!

KLARA: En atst by read ljocht de krusing oer giest, wat krijst dan?

FLORIS JAN: Dat is ernstiger... (*nijsgjirrich*) Sis, wolst myn teoretyske kennis teste of sokssawat?

KLARA: Ik bin mei de ferkenning dwaande! En wat soe ik dwaan

moatte om oppakt te wurden?

FLORIS JAN: Dronken achter it stjoer krûpe, soe dat net wat wêze?

KLARA: Bringe se my dan nei it plysjeburo?

FLORIS JAN: (*knikt*) Dat sit der dik yn!

KLARA: Moai om it te witten.

FLORIS JAN: (*twingerich*) Sis no earst mar watst fan doel bist.

KLARA: (*fertroulik*) Ik wol it wol sizze, mar do moatst swarre dat it ûnder ús bliuwt!

FLORIS JAN: At it oars net is, dat swar ik. (*fingers omheech*)

KLARA: Bist dy nije plysjeman al tsjinkaam?

FLORIS JAN: Do bedoelst dy Eusebius? Fansels, hy woe my op de bon slingerje doe't ik achterút in ferkearsboerd om ried, mar frjemd genôch stuts er it boekje wer yn 'e bûse doe't er de namme fan de winkel op de auto stean seach. Hy sei allinne mar: de oare kear better útsjen.

KLARA: (*bliid*) Sei er dat?

FLORIS JAN: Fansels, oars hie 'k betelje moatten!

KLARA: (*berêstend*) Ik leau dat de grutste ferkearsflater noch net genôch is om oppakt te wurden.

FLORIS JAN: (*gnyskjend*) Do bist sljocht op him, is 't net?

KLARA: Hoesa ik op him, hy op my silst bedoele!

FLORIS JAN: Soa?

KLARA: Oars hie er dy echt wol betelje litten.

FLORIS JAN: (*ûnwiis*) Soe 't al?

KLARA: (*oertsjûgjend*) Dat is wol dúdlik. Hy wol gjin spul ha mei syn skoanfamylje.

FLORIS JAN: (*weaut ôf*) Kom no, do koest wol net wiis wêze!

KLARA: Bin ik net wiis? Hy jout dy ommers gjin bon!

FLORIS JAN: (*fertroulik*) Moai, dit bliuwt ûnder ús, mar no noch wat, ik ferwachtsje moarn besite.

KLARA: Besite? Foar dy? Wa dat?

FLORIS JAN: Dyn takomstige skoansuster!

KLARA: (*perpleks*) Myn takomstige... wat?

FLORIS JAN: Skoansuster. Claudia Ringels, berop: bardame!

KLARA: (*ferbjustere*) Bar??

FLORIS JAN: (*knikt*) Dame, jawis!

KLARA: (*ferbjustere*) En dy komt hjir samar?

FLORIS JAN: Wêrom net?

KLARA: En wat soene heit en mem dêr wol net fan sizze?

FLORIS JAN: Dat is it probleem. Se hoege net daliks te witten wat Claudia foar de kost docht.

KLARA: (*iroanysk*) Makkest har wiis dat se by 't leger des heils is?

FLORIS JAN: Dat net, mar by in bardame moat der ek brea op 'e planke komme, lykas by in betsjinster, of in grienteferkeapster.

KLARA: Dat seisto, mar lis dat mar es út oan dy âldlju fan ús, dy tinke daliks al dat sa'n bardame...

FLORIS JAN: (*ûnderbrekt*) ...mei elkenien op bêd strûpt! Ik sis altyd, salang at se achter de bar stiet bliuwe dy keardels wol fan har ôf!

KLARA: Dat tink ik ek wol, mar heit en mem...

FLORIS JAN: Dy komme der fansels wol achter dat ien dy't lekkere drankjes mikse kin, ek wol in moaie fruitkoer meitsje kin. (*sil ôf*) Sa, en no ik stek ôf, oars kom ik op 'e merk oan at de oaren al oan 't ôfbrekken binne. (*draait him om*) Is heit al op paad?

KLARA: Hoe komst dêr by, dy is noch net iens fan 't bêd!

FLORIS JAN: De auto stiet net yn de garaazje. (*wylst er rjochts ôfgiet*) Ik sjoch dy aanst noch wol, en... eh... mûltsje ticht hin?

KLARA: Altyd! (*yn harsels*) Dan kin ik my no moai op myn plysjeman konsintrearje. (*sjongt*) Mar Klara, mar Klara, hoe moat it dan, atst allinne mar dreamst fan in plysjeman!

JAKOBUS: (*op fan links. Oanbrând*) Wêrom stiesto sa'n nuver ferske te sjongen? (*spotsk*) Klara, Klara, hoe moat it dan, atst allinne mar dreamst fan in plysjeman? In plysje is allinne mar in needsaaklik kwea, dy'tst nachts better mar net tsjinkomme kinst!

KLARA: (*blier*) Hoi, heit, min sin?

JAKOBUS: (*rekke*) Ja, dat hast goed sjoen! Wêr is mem?

KLARA: Dy is fanmoarn al iere betiid ôfset nei kafee De Roas.

JAKOBUS: (*lilk*) Watte? Sit se moarns betiid ek al yn it kafee?

KLARA: (*weaut ôf*) Wol nee, de Roas hat nei har frege omdat er dagen al net hoecht!

JAKOBUS: (*nayf*) Wat hoecht er net?

KLARA: (*ferlegen*) Hy hoecht net dat er al lang dwaan moatten hie.

JAKOBUS: Oh, do bedoelst dat er net skite... eh...

KLARA: Fuoi heit! Jo moatte je skamje!

JAKOBUS: (*lilk*) Ikke?! De Roas moat him skamje!

KLARA: Dêr hoege jo je doch net foar te skamjen?

JAKOBUS: Dat sis ik ommers. Do seist krekt dat ik my skamje moat!

KLARA: Ja, om jo taalgebrûk!

JAKOBUS: Kinsto it dan better?

KLARA: (*ûngeduldich*) Stel je net oan, jo witte hiel goed wêr't ik it oer ha.

JAKOBUS: O ja, wat hat mem dêr dan te sykjen as de Roas net hoecht?

KLARA: Jo witte ek wol, dat mem foar alle kwaaltsjes in drankje hat en dat hat se der hinne brocht.

JAKOBUS: (*lilk*) Ja, ja, jim mem fynt krûdetee belangriker as de winkel!

KLARA: Lit har doch gewurde mei har hobby. Se hat al hiel wat minsken fan rare kwaaltsjes ôfholpen. Frou de Jager hie altyd lêste fan de knibbel...

JAKOBUS: Ja, en no krijt se lêst fan de oare knibbel!

KLARA: Dat is net wier! Frou Dam hat noait wer lêst hân nei mem har krûdetee! Se kin sa in sâlte hjerring opite mei slachrjemme sûnder dat se lêst krijt!

JAKOBUS: Wat in lulkoek, wa yt no in hjerring mei slachrjemme!

KLARA: Dat wie mar by wize fan sprekken!

JAKOBUS: Even in oar foarbyld. Se hat my noch net fan dy seare rêch ôfholpen!

KLARA: (*spotsk*) Jo wolle net ha dat se op jo omwriuwt...

JAKOBUS: Jim mem hat my genôch ûnder de noas wreaun, dêr hoecht gjin seare rêch mear by.

KLARA: (*wol op in oar ûnderwerp oer*) Sis heit, wêrom stiet de auto net yn de garaazje?

JAKOBUS: Hoesa, stiet er dan net bûtendoar?

KLARA: Oars soe 'k it doch net freegje?

JAKOBUS: Sjoch Klara, it sit nammentlik sa...

KLARA: (*fluch*) Of moatst er skjinne oalje ha?

JAKOBUS: Skjinne oalje?

KLARA: (*stoersk*) Fan jo wurd ik ek net folle wizer.

JAKOBUS: Wizer hoechst der ek net fan te wurden, mar... (*hâldt him ynienen yn*)

KLARA: Mar wat?

JAKOBUS: Iepenstean.

KLARA: Wy binne de hiele dei iepen.

JAKOBUS: Iepenstean foar wat ik dy sizze wol.

KLARA: Sizze wol?

JAKOBUS: Eins is it mear opbychte.

KLARA: Dan soene jo eins nei pastoar moatte.

JAKOBUS: Praat doch gjin ûnsin. As iennichste heit mei ik doch myn grutske dochter, ik bedoel, as grutske heit mei ik doch myn iennichste dochter wol wat tabetrouwe dat it ûnder ús bliuwe moat?

KLARA: Komt dat ek wer yn it boek?

JAKOBUS: Yn watfoar boek?

KLARA: Yn it tichte of slettene boek! No, wat sit myn grutske en iennichste heit no eins dwers?

JAKOBUS: (*mismoedich*) De auto is fuort.

KLARA: (*ferbjustere*) Hoesa fuort?

JAKOBUS: Fuort! Stellen!

KLARA: (*ferheard*) De auto??

JAKOBUS: (*rekke*) Nee, it bôletromke, no goed?

KLARA: Mar hoe kin dat no?

JAKOBUS: Ik ried fan de stêd nei hûs...

KLARA: Ja en?

JAKOBUS: En doe't ik troch de Stasjonstrjitte ried...

KLARA: Ut de stêd wei komme jo doch net troch de Stasjonstrjitte?

JAKOBUS: (*koppich*) Ik bin der al troch kommen!

KLARA: Wêrom?

JAKOBUS: (*ferlegen*) No ja, ik woe by it stasjon de nije tsjinstregeling besjen.

KLARA: De nije tsjinstregeling? Wêr foar?

JAKOBUS: (*ferlegen*) No ja, ik woe gewoan even sjen wannear't der in trein nei Amsterdam gie en hoe let.

KLARA: (*ferbjustere*) Hoe kamen jo dêr sa ynienen by?

JAKOBUS: Do seist altyd, dat it wol aardich wêze soe, om es in dei Amsterdam te dwaan.

KLARA: Soa... en fierder?

JAKOBUS: En doe seach ik midden yn de nacht, it wie neare nacht en wiet waar...

KLARA: (*ûnderbrekt*) Heit! Hâld doch op! It wie ljochtmoanne fannacht!

JAKOBUS: Mooglik by jim, mar yn de stêd wie 't reinich waar.

KLARA: En neare nacht?

JAKOBUS: Dat sis ik. Ik seach ien op de stoepe stean en dy weaude nei my!

KLARA: It is net wier!

JAKOBUS: Jawis! Se weaude en doe't ik werom weaude die bliken dat it in jongfaam wie.

KLARA: Hoe is 't mooglik!

JAKOBUS: En ik koe sa'n jongfaam doch net allinne yn dy fûle rein...

KLARA: ...wylst it neare nacht wie...

JAKOBUS: (*knikt iverich*)... net... eh... stean litte, netwier?

KLARA: (*knikt*) Nee, dêr kin ik ynkomme.

JAKOBUS: Ik ha se ynstappe litten en ik seach dat se net allinne jong wie, mar ek bloed moai.

KLARA: Hoe koene jo dat no sjen, it wie ommers nacht!

JAKOBUS: Do witst likegoed as ik dat it ljocht yn de kabine oan giet atst de doar iepen dochst. Se frege my oft ik har even nei de Ohio-bar bringe koe.

KLARA: (*iroanysk*) Oh jee!

JAKOBUS: Nee, ik sei Ohio!

KLARA: Dêrom sei ik ek, o jee! Dy bar stiet hjir yn de omkriten bekend as...

JAKOBUS: (*knikt*) Dêrom koe ik him ek sa goed fine, dat reade ljocht, no?

KLARA: (*sabeare ferbjustere*) It is net wier!

JAKOBUS: En út tankberens hat dat fanke my in drankje oanbean, no dat koe ik net wegerje, sis no sels.

KLARA: En fierder?

JAKOBUS: Fierder is der net, dat fanke gong daliks al achter de bar stean, by de drankjes.

KLARA: Dus, se wurket dêr?

JAKOBUS: Soest wol sizze, gjinien sei er wat fan doe't se mei de flessen dwaande wie.

KLARA: Fierder?

JAKOBUS: Fierder wie der net safolle te rêden. Ik siet op in kruk, in glês yn 'e hân en dronk op de sûnens fan dy jongfaam fansels! Ik seach op it horloazje, waard kjel, sei it fanke goeie en sy sei my goeie, en doe op hûs oan.

KLARA: Is dat alles?

JAKOBUS: (*mismoedich*) Wie 't mar sa. Ik kaam bûten, de auto fuort! Nergens te finen.

KLARA: Stellen!

JAKOBUS: Fansels, ik hie 'm net útliend.

KLARA: Dan moatte wy daliks de plysje belje, plysje Eusebius!

JAKOBUS: Net noadich, dat ha ik op it plysjeburo yn de stêd al dien.

KLARA: (*fol fjoer*) Mar plysje Eusebius ken ús auto en dêrom soe alles folle ienfâldiger wêze kinne.

JAKOBUS: Earst mar es sjen oft er hjoed of moarn net fûn wurdt.

KLARA: (*nei de telefoan*) Eusebius fynt 'm wol. Ik sil him daliks belje.

JAKOBUS: Ho, ho, myn auto is stellen, dinen net. Boppedat komt jim mem der dan achter.

KLARA: Wêrom mei se de dat net witte? At de auto stellen wurdt, kin se dat jo doch net oanrekkenje?

JAKOBUS: Mem hoecht net te witten wêr't myn auto stie doe't er stellen is, dan tink se dat ik mei hiel wat oars dwaande wie yn dy Ohio-bar as allinne mar wat drinke.

KLARA: Sit wol wat yn.

JAKOBUS: Dêrom sizze wy dat er by it pompstasjon stellen is wylst ik...

KLARA: ...in pakje kaugom kocht...

JAKOBUS: (*leit de finger op 'e mûle*) Dit bliuwt ûnder ús, hear!

KLARA: Fansels heit! (*de bel fan de winkel giet, Klara hastich ôf*) Der is ien yn de winkel.

JAKOBUS: Wat in tastannen! Wêrom moast dy auto no krekt stellen wurde foar dy ferrekte Ohio-bar?

ELLY: (*rjochts op, rekke*) Jim sitte hjir mar en yn de winkel wachtsje minsken!

JAKOBUS: (*rekke*) Wêrom hast se sels net holpen?

ELLY: Ik hie belangriker saken. At ik net hastich in drankje klear meitsje foar De Roas, hat er in loebes fan in ferstopping en dan knapt der it ien en oar!

JAKOBUS: Aansen jout dokter dy noch oan foar kwaksalverij!

ELLY: Dy? Witst wol wat er tsjin frou Dam sei? At myn genêskunde jo te min is, ferstean jo dan mar mei dat krûdewyfke. Jaha, sa sjochst mar wer! Sis, no wat oars, wêr is de auto eins bleaun?

JAKOBUS: Stellen!

ELLY: Stellen?? Wat hâldt soks yn?

JAKOBUS: Stellen betsjut stellen! No ja, de kabouterkes kinne him ek ferstoppe ha fansels!

ELLY: Wêrom is er stellen?

JAKOBUS: Der is ien dy't him brûke koe!

ELLY: Praat gjin ûnsin! Is er yn de stêd stellen?

JAKOBUS: Klara sei, by it pompstasjon!

ELLY: Watte, hat Klara de auto brûkt?

JAKOBUS: (*knikt*) Ja, se woe in pakje kaugom keapje.

ELLY: (*oeral*) En soks seist no pas!

JAKOBUS: (*iroanysk*) Do bist noait thús, do bist altyd ûnderweis mei dy drankjes!

ELLY: (*grutsk*) Dat is in seine foar it minskdom, atst dat mar witst!

JAKOBUS: (*iroanysk*) En in goudmyntsje foar de deagraver!

ELLY: (*rekke*) Hâld do dyn praatsjes mar foar dy. (*op oare toan*) Mocht Brúnsmas belje, sis dan mar dat dat smarseltsje der oan komt en dy tee fan tsiiskrûd, dêr moat er yn baaie, net ferjitte.

JAKOBUS: Hielendal??

ELLY: (*rekke, lûd*) Nee! Allinne mar mei de seare teannen slûge! Wat ha jim dien om de auto wêrom te krijen?

JAKOBUS: Dat regelt Klara. (*Klara op*)

ELLY: (*ferwitend*) Hoe koest dat no dwaan Klara, mei dy auto? (*Jakobus meneuvelt achter de rêch fan Elly nei Klara*)

KLARA: (*begrypt de meneuvels net*) Dat moatte jo oan heit freegje. (*Jakobus makket wanhopige meneuvels, Klara begrypt se no*)

Tsja, dat kin ik sa krekt net sizze, ynienen wie er fuort!

ELLY: Do hast fansels de kaai yn 't kontakt sitte litten! (*Jakobus*)

meneuvelt “ja”)

KLARA: Eh... ja, mei de kaai yn 't kontakt kinne se sa'n auto samar stelle, dat is wier!

ELLY: *(skel)* Do bist potferdoarje altyd sa ûnfoarsichtich!

KLARA: *(mismoedich)* Koe ik der wat oan dwaan?

JAKOBUS: Dat kin goed útkomme, Klara koe der neat oan dwaan.

ELLY: Ja, ja, jim hâlde elkoar altyd mar weroan de hân boppe de holle, ik bin net oars wend. *(tsjin Klara)* At frou De Haan bellet en de pine is net sakke, sis dan, dat se it liif omheech triuwe moat en tagelyk de hannen spriede. Net ferjitte! *(by it ôfgean)* At jim my noadich ha, ik bin by Meijer! *(rjochts ôf)*

JAKOBUS: *(sjocht har achternei)* En fuort is se wer! Ik sil my hielendal allinne mei de winkel rêde moatte.

KLARA: Och heit, gun har dy hobby no!

JAKOBUS: *(rekke)* By de snijmasine leit in soad wurk te wachtsjen, lit har dêr mar in hobby fan meitsje!

KLARA: Sis heit, wêrom ha jo tsjin mem sein dat it myn skuld wie mei dy auto?

JAKOBUS: Dat wie ik hielendal net fan doel, mar doe't jim mem it net goed foar 't ferstân krije koe, ha ik der mar in draai oan jûn om fan it geseur ôf te wêzen.

KLARA: *(iroanysk)* En my mei mear geseur opskipe!

JAKOBUS: Och, do bist noch jong, do kinst alles folle makliker úthâlde, mar ik... At se der achter komt wêr't ik fannacht west ha, brekt de hel los!

KLARA: *(fol fjoer)* Dan mei ik oanjefte dwaan by dy nije plysje Eusebius?

JAKOBUS: Dat ha ik yn de stêd al dien.

KLARA: In dûbele oanjefte kin noait kwea.

JAKOBUS: *(ûnder it ôfgean)* Do dochst mar, ik lit mei der net mei yn.

KLARA: *(rint op de telefoan ta en kiest in nûmer)* Mei it plysgeburo? Is Eusebius der ek? Nee? Wêr is er dan? Hat er bûtentsjinst? Witte jo ek wêr't er hinne is? *(bliid)* Underweis nei de grientewinkel fan Knol? *(Eusebius kloppet, mar Klara heart it net en praat gewoan troch)* Hat er ek sein foar wa't er komt? *(Eusebius kloppet wer en komt dan op en harket mei)* Sis, mei 'k jo persoanlik wat freegje? Ja? It giet om jo kollega Eusebius. Is er troud? Nee? Hat er in freondintsje, of mear as ien? Nee? Dan is er hielendal frij fansels! Ja! Myn hertlike tank hear! *(leit de hoarn op 'e heak en dûnset troch de keamer)* Eusebius, Eusebius, blomke foar my, blomke foar my! *(sjocht dan Eusebius, kjel)* Oeh, jo hjir?? Eusebius??

EUSEBIUS: Dat sjogge jo, yn heechst eigen persoan!

KLARA: Al lang?

EUSEBIUS: It spyt my dat ik it sizze moat, mar ik ha wat fan jim telefoangesprek opfongen.

KLARA: (*ferlegen, nijsgjirrich*) Wat ha jo allegear heard?

EUSEBIUS: Allinne mar: myn hertlike tank.

KLARA: (*mei ferromming*) Dan is 't goed. Ik ha mei jo kollega belle en dy sei allinne mar dat jo ûnderweis wiene hjirhinne, fierder woe er neat fan my witte. (*glimket ferlegen*)

EUSEBIUS: Moai dat er jo sa goed ynformearre hat.

KLARA: En watfoar boadskip hat ús plysje?

EUSEBIUS: (*ûnwis*) Sa'n boadskip is faak minder leuk foar de persoan dy't it oangiet.

KLARA: (*ûnwis*) Ha jo dan net sa'n leuke meidieling foar ús?

EUSEBIUS: Eins mear foar jo mem, is se thús?

KLARA: Mem? Nee, dy is op dit stuit... eh... net... eh...

EUSEBIUS: Jo heit faaks?

KLARA: (*knikt*) Ja, dy is yn de winkel, moat ik him roppe?

EUSEBIUS: At dat kin, graach!

KLARA: (*ropt*) Heit, jo moatte komme!

JAKOBUS: (*stoersk*) Ja, wat no wer?!

KLARA: (*ropt*) De plysje wol even mei jo prate! (*tsjin Eusebius*) Nim in stoel, Eusebius!

EUSEBIUS: (*weaut ôf*) Nee tanke. At ik yn funksje bin moat ik stean.

KLARA: Binne jo slim yn funksje?

EUSEBIUS: Dat is mar krekt hoe en wat...

JAKOBUS: (*op, ûnwis*) Oh, menear de plysje...

EUSEBIUS: (*serieus*) Binne jo de hear Knol senior?

JAKOBUS: Soe 'k wol sizze, ja. Troud en fan ûnbesprutsen gedrach!

EUSEBIUS: It is wat in prekêre saak dy't wy oan it útplúzjen binne...

JAKOBUS: (*fol fjoer*) Ja, dat is wier... en ik kin jo wol sizze plysje, dat it my ôfgrysluk spyt dat soks samar gebeure koe. At ik it sa goed witten hie, dan hie 'k noait net en yn gjin gefal...

EUSEBIUS: (*knikt*) It gebeurt mar al te faak dat manlju net troch ha wat froulju allegear dogge, boppedat stiet de skuld net hielendal fêst.

JAKOBUS: It is net daliks myn skuld, hear!

EUSEBIUS: Dêr is gjin sprake fan!

JAKOBUS: (*knikt wakker*) Dêr... en jo sizze it sels ek al, is allinne de dief skuldich oan.


EUSEBIUS: Dief...? Watfoar dief??

JAKOBUS: Dy't myn auto stellen hat!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto